



PROJECT CREATIEVE EGELVRIENDJES

SILLE WY DER MEI-INOAR FOAR SOARGJE DAT DE STIKELBARGEN YN 'E TÚN EN BY SKOALLE IN SOAD ITEN EN DRINKEN FINE KINNE?

- ➡ Wat ite stikelbargen eins? Se ite krobben, slakjes, spinnen, dauwjirms, stienkrobben; koartsein in hiele soad ynsekten en oare lytse bistjes. Mar se ite ek deade fûgeltsjes, lytse mûskes, kikkerts en aaien. Wolst se graach byfuorje? Dan meie se kattedbrokjes mei hinsmaak.
- ➡ Der ûntsteane hieltyd mear inisjativen om mear ynsekten yn de tún te krijen. Guon gemeenten biede fergees blomsied oan. Kinst sels in soad blommen siedzje of planten dêr't ynsekten op ôf komme. It NK tegelwippen stiet der foar om sa folle mooglik tegels yn tunen te ferfangen foar grien. En sa is der noch folle mear.
- ➡ Watst ek dwaan kinst, is ûnkrûd stean litte. Wy binne wend om alle tegels en blommerânen kreas en netsjes te ûnderhâlden, mar wêrom eins? Fansels wolle we dat de blommen net oerwoekere wurde troch oare planten, mar dy planten, dy't wy faak ûnkrûd neame, lûke in hiel soad ynsekten oan. De namme ûnkrûd is dan ek in hiele ûnaardige namme. Kinst de plantsjes better wylde planten neame. It binne planten dy't hjir thúshearre en dêrom it hjir sa goed dogge. Planten lykas sipelkrûd, pinksterblom, tongerblom, dôvenettel, blaublomke en kowebloomke.
- ➡ Soest yn de tún in tal plakken kieze kinne dêr'tst wylde planten stean litst. Wylde planten bloeie fan de iere maitiid ôf al en lûke dus al betiid in soad ynsekten oan. Meitsje wylde plante hoekjes en plôkje net oeral alles tusken wei. Lit de natuer de natuer wêze.

Opdracht:

Sjoch by skoalle en by dy thús watfoar plantsjes wylde blommen binne en watfoar plantsjes troch de minsken oanplante blommen binne.

- ➡ Stikelbargen moatte ek drinke. Kinst natuerlike drinkplakken kreëare yn 'e tún, bygelyks in fiver, let wol op dat as der in stikelbaarch yn falt, dizze der wer út klimme moatte kin mei in stikelbargetrepke. Of setst wetterskalen yn 'e tún, hjir wurde de fûgeltsjes ek noch ris hiel bliid fan.



SIPELKRÛD



PINKSTERBLOM



TONGERBLOM



DÔVENETTEL



BLAUBLOMKE EN KOWEBLOMKE

